

Presintaasje Tuskentiden - septimber 2006

Op snein 15 oktober 2006 sil Tuskentiden, de Fryske oersetting fan Tussentijds, presintearre en yn gebrûk nommen wurde. Yn in feestlike sjongtsjinst yn de Martinytsjerke te Boalsert kin elkenien dy' t dêr belangstelling foar hat, troch te sjongen en te harkjen mei dit lieteboek yn 'e kunde komme. Meiwurking is û.o. frege fan it Kwartettekoar ûnder lieding fan Hindrik van der Meer. De tsjinst begjint om 16.00 oere.

Wêrom Tuskentiden?

Tussentijds is bedoeld as oanfolling op it Liedboek voor de Kerken fan 1973. Sûnt dat útkaam is der in bulte nij materiaal ûntstien. Fan 1981 oant 2004 sammele de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied (ISK) yn acht dielen Zingend Geloven nije lieten, mar ek yn oare lietebondels ferskynden nije lieten.

De isk en de útjouwerijen Boekencentrum en Kok krigen gauris de fraach fan tsjerklike gemeenten oft se mei dy lieten in eigen bondel gearstalle mochten. Dat is om finansjele en auteursrjochtljke reden lykwols dreech. Om oan it ferlet yn 'e mjitte te kommen publisearre de ISK yn 2005 mei Tussentijds in brede seleksje lieten dy't har wearde bewiisd hiene.

Underwilens fielde de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE) it ferlet fan in útjefte fan de bêste fan de nije Fryske lieten dy't oeral opdûkten en fan oersettingen fan lieten út Zingend Geloven.

It iene mei it oare hat makke dat isk en ykfe besletten hawwe om in bondel út te bringen mei de oersettingen fan alle lieten út Tussentijds en om oan dêr in tafefte fan nije Fryske lieten ta te foegjen. In goed jier nei it útkommen fan Tussentijds kin syn Fryske wjergera Tuskentiden ferskine: in lieteboek foar 'tusken de tiden' fan it Lieteboek foar de tsjerken en in takomstich nij lieteboek.

Wurkwize

De oersettingen binne ta stân kommen troch it mei-inoar op arbeidzjen fan de dichters Lyske Boersma, Atze Bosch, Eppie Dam, Margryt Poortstra, Bernard Smilde, Folkert Verbeek en Cor Waringa en in tal meilêzers. Fan inkelde lieten bestiene al oersettingen fan oare dichters. De tafefte bestiet út 32 lieten: orizjinele Fryske tsjerkelieten en in stikmannich oersettingen fan bûtenlânske lieten.

Presintaasje

De ferantwurdlike tsjerkeried fan Boalsert en de YKFE ferwachtsje in soad tsjerkeriedsleden, foargongers, sjonglieders, kantorij- en koarleden, oargelisten en minsken mei belangstelling foar de earetsjinst yn de Fryske taal. De tagong is frij. Oan de ein is der in kollekte.

De YKFE hat foar de Martinytsjerke keazen om't yn dy tsjerke, dêr't de Fryske dichter Gysbert Japiks foarsanger wie, yn 1977 ek it Lieteboek foar de Tsjerken oanbean is.

Tuskentiden ferskynt by útjouwerij Kok b.v., ûnder meiferantwurdlikens fan de YKFE en de ISK.